

FNP-fraksje
t.a.f. de hear K. Fokkinga

Ljouwert, 14 febrewaris 2017
Ferstjoerd, **22 FEB. 2017**

Ús merkteken : 01395792
Ôfdieling : Provinsjale Wettersteat
Opsteld troch : Keimpe Strikwerda / +31 58 292 53 90 of k.strikwerda@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beäntwurdjend skriftlike fragen oer de brêge Skûlenboarch

Achte hear Fokkinga,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 25 jannewaris 2017, beäntwurdzje wy as folgt.

Taljochting

De brêge fan Skûlenboarch is (wer) stikken fearn. Reparaasje of ferfanging kin noch in hiel skoft duorje. Rykswettersteat hat besletten dat der gjin tydlik pontsje komt oer it PM-kanaal. De Rykstsjustint fynt dat der te min minsken gebrûk fan meitsje wolle soene. Ek soene de kosten net te ferheljen wêze.

Der is grut beswier fan de pleatslike mienskip oer it útbliuwen fan maatregels. It doarp fielt him letterlik yn midstwaën snijd. It alternatyf om minimaal 5 km om te riden liedt ta argewaasje. Dêrneist is der ekonomyske ferfolchskea te foarsjen foar bedriuwen yn de omkriten, no't de koartste rûte oer it kanaal net te brûken is.

Fraach 1:

Is it Kolleezje/de Provinsje troch Rykswettersteat op de hichte brocht fan de ûntstiene sitewaasje mei de brêge Skûlenboarch? Sa ja wannear wie dat en hoe giet soks yn syn wurk tsjintwurdich nei de oerdracht fan it PM kanaal oan it Ryk?

Antwurd fraach 1:

De brêge wurdt betsjinne troch in provinsjale brêgewachter en de brêgewachter hat daliks nei de oanfarring syn liedingjaande ynformearre. Rykswettersteat hat deselde jûns de direkteur fan de provinsje ynformearre. De deputearre is daliks op de hichte brocht.

Fraach 2:

Wat is jo ynhâldlike reaksje op de argumintaasje fan RWS om gjin tydlike oerset foar it doarp te regeljen?

Antwurd fraach 2:

RWS hat oerlis hân mei de gemeente en de gemeente fûn in pont net needsaaklik omdat de omlieding in pear kilometer is en de âlderein mei in taksy nei de oare kant brocht wurdt. Dêrmei is der gjin needsaak om in pont farre te litten. It kontakt mei de gemeente is op amtlik nivo ta stân kommen, mar wy nimme oan dat de amtner út namme fan de wethâlder sprutsen hat.

Fraach 3:

Binne der ek provinsjale belangen anneks mei de stremming fan de brêge Skûlenboarch? Sa ja hokker?

Antwurd fraach 3:

Der binne net direkt provinsjale belangen omdat it in ryksfarwei en in ryksbrêge is. De oanslutende diken binne fan de gemeente. De berikberens fan bewenners en bedriuwen is ek in lokale oangelegenheid en dus yn earste ynstânsje ek in ferantwurdlikheid fan de gemeente. Yndirekt is der wol in provinsjaal belang omdat it de bewenners en bedriuwen fan Fryslân oangiet en wy der ek foar soargje wolle dat it goed regele wurdt.

Fraach 4:


Binne DS ree om, mei de lokale mienskip en de gemeente, ienriedich en mei krêft by Rykswettersteat oan te stean op it ynstellen fan tydlike maatregels lykas in pontsje? Graach jo argumintaasje.

Antwurd fraach 4:

Omdat der in goeie omlieding beskikber is, der goed oerlis west hat en de belangen fan elkenien goed meinaam binne, binne wy fan miening dat it net nedich is om mei krêft by Rykswettersteat oan te stean op it ynstellen fan oare tydlike maatregels sa as in pontsje.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



J.M. Leemhuis-Stout, foarsitter 220217

A.J. van den Berg, sekretaris
foar dizze drs. A.L. Plet, loko-sekretaris